


Ja Tony, dat hiene wy earder net betinke kinnen dat ik jo nochris skriuwe soe, typend op in iPad nei de cloud. Skriuwen haw ik oait noch leard op in lei mei in griffel op Timor en och, dan is it mar in betreklik lytse stap nei sa'n nije toverlei dêr't men de hiele wrâld mei oersurfe kin, the sky is the limit! Net dat ik der in soad fedúsje yn ha dat myn wurden jo ea berikke sille, mar fan alle oare adressen dêr't ik se hinne stjoerde ('it eilân fan de silligen', 'it Hilligolân', 'post restante Stien fan Warns') kaam it nachts fuort retour: adres ûnbekend. En dat oaren dit no samar meilêze kinne? Ach, ús mem hat yn fiif jier hûndert brieven fan Timor oan har Heit en Mem op Skier skreaun en hoe faak wie de kearende post ûnderweis net iepenmakke en meilêzen? Dat wie de priis fan it nije Merdeka. Dus net langer skytskuorje, kom op mei dy anekdoates, it Tony-fûns moat spekt wurde! Takomme snein is de deadline. En dat is ek de nammedei fan St.Piter yn Grou en Pidersdei, de nasjonale feestdei fan Sylt, en sa ha wy inoar ommers kennen leard? Ik wit it noch goed, 35 jier lyn yn dat djoere Antiquariaat fan Dykstra, ik knibbeljend foar de kast mei âlde Fryske boekjes en jo stiene efter my en seagen wat ik yn hannen hie: Di Gidtshals of di Söl'ring Pidersdei, fan Jap Peter Hansen. 'Dat is in moai boekje, it earste printe yn it Noardfrysk en moatt' jo sjen hjir foaryn jout er in hiele taljochting op syn stavering!'



Sa rekken wy oan de praat. Binne jo net in pakesizzer fan Douwe Fokkema fan it Skiermuontseagersk, de broer fan Klaas? Ja, en binne jo net..? Dat boekje haw ik kocht en sa rûnen op rjochting stasjon. 'Sil ik oars ien fan dy swiere tassen fan jo oernimme?' frege ik, Och ja, nimme jo dizze mar, dy moat ik noch ôfjaan by de post. En ha jo it noch even oan tiid?' en sa skode ik by jo oan Onder de Luifel, ik wit noch wat jo bestelden: 'Ha jo ek rikke ljirre? en doch my ek mar in glês sûpe'. 'Rea rikke rjilleljirre, Waling Dykstra 1896, oud Friesch schiboeth', tocht ik en sei: 'En doch my dan mar in stikje brea mei nagelstiis' en doe wie it iis brutsen, wy wiene wer thús.



Ik hie doe krekt yn it Gemeenteargyf in âlde foto fûn fan it St.Jobsleen yn 1910, mei hiel yn 'e fierte as op in postsegel ús oerpake Sipke mei skipperspet en hûnekar foar it winkeltsje, handel in aardappelen: Fólts! Fólts! sa rûn er troch 'e stêd. fertelde pake Douwe doe't ik him dy foto sjen liet op syn 90ste jierdei: 'en dat bisto Pyt mei dy broek op 'e groei en dat bin ik mei dat striehoedjse en dy fyts, ik kaam doe fan Wurdum fan de skoalle en dêr haw ik beppe kennen leard'. 'En daarboven daar saten twee meiskes bij een rood lichtje', sei âldmuoike Hitje de jongste. Earst 50 jier letter nei syn pensjoen wie er mei it Skiermuontseagersk úteinset, nei't er yn Rapallo húsûnderwizer west hie foar de bern fan frou Benz: 'ik tocht as ik Italiaansk leare kin dan kin ik de Eilauner taal ek wol leare en beskriuwe'.


De acht bern wiene op in skûtsje berne, de earste wie jong stoarn, trije jonges koenen fierder leare en bedarren rûnom yn it lân yn it krislik ûnderwiis, twa jonges bleaunen yn Ljouwert: ien waard accountant en ien naam de grientesaak oer. De trije famkes hiene inkeld legere skoalle en 'een dienstje' oant har trouwen.

Yn dat hûs mei dy grutte finsters kaam letter de Fryske Akademy dêr't ik doe oan it Hânwurdboek

wurke. Us finster seach út op it eardere plak fan dat winkeltsje, no raasde dêr it ferkear oer de Grienewei. It wie meastal stil as wy oan it wurk wienen, it wie hurd skreppen, útsein as jo lânskamen, dan hearden wy jo skatterlaits al fan fieren yn 'e gong: Dêr komt Tony oer de Flits! en wy fleuren op.

Earst folle letter haw ik my ôffrege oft dy moeting mei jo by Dykstra faaks minder tafallich west hie as dat ik it hjir beskriuw: wie it net in komplot fan jo mei Willem en Jarich om de redaksje fan Fryx oan te foljen? of oarsom in poging fan my om dêr by te kommen? Of noch folle slimmer: is net elke herinnering, elke anekdoate in

rekonstruksje fan jin ûnthâld, dy grutte ferrifelder? Bliuw by de feiten, seine jo altyd. Yn alle gefal, dy foto en dat boekje fan Jap Peter Hansen lizze hjir by my en dy tas mei Fryxen haw ik dêrnei noch sân jier ('as samler') foar jo droegen.



Dat boekje Nahrung für Leselust mei dat toanielstik De Nepert of Pidersdei op Sylt. haw ik doe lêzen (no ja, trochwraksele!). Sa't jo witte wie Pidersdei foarhinne de dei fan de nije kontrakten fan de skippers, foar it ofskie nei see. It like my in moai ûnderwerp foar in literatuerskripsje foar MU-Frysk dêr't ik doe mei dwaande wie, mar helaas foel it bûten it ramt fan it Westerlauwersk Frysk. Sa bedarre it op in wat iensum eareplakje by myn oare skatten, opburgen by it ferhaal fan 'Scholier vindt Lutinemunt op Vlieland' (LC 30-05-1997). Lêsten haw ik it mei de artikels oer de eftergrûnen nochris opsocht. It 'patriarchale' plot fan de komeedzje is gau ferteld: boer Pider Madtsen is in echte nepert dy't mei syn jild besiket syn frou Gonnell en syn beide al hast folwoeksen bern koart te hâlden, Mar aanst is it feest fan Pidersdei en sûnder jild kinne sij net meidwaan. Dochter Ellen betinkt in list, soan Korneelis skriuwt in brief oan heit, sabeare fan Madts, in âldere broer dy't as seeman yn Hamburg tahâldt. Hy skriuwt dat der in koertsdaling fan de Deenske munt kommende wei is (-25%), mar as heit no gau wat jild stjoerde dan koe dat noch moai foar de âlde wearde ynwiksele wurde. Fansels trapet heit der yn en jout it jild, dat Ellen noadich hat om in pear earne lju te helpen, en Korneelis foar syn leafde. De 'bekearing' fan heit is in lang ferhaal: 180 siden yn fjouwer bedriuwen en tich opkomsten mei 24

personaazjes dy't allegear yn dy iene keamer lâns komme, mar nei in soad omballingen en in ûngemak fan heit komt alles dochs noch goed, hy kin de grap wol ferneare en oan 'e ein it is feest! Dietrich Hofmann (1965) en letter Horst Joachim Frank (1998) hawwe de eftergrûnen fan it stik en de auteur en syn mooglike foarbylden neisocht. J.P.Hansen wie om 1800 hinne in skipper fan Westerland op Sylt dy't rûnom yn Europa kaam en ek nei it theater gie. Mooglik hat er it stik al om 1789/91 hinne tidens in wachttiid yn Genua skreaun. Dêrnei hat er him as skoalmaster en letter as rekkenmaster oan de seefeartskoalle op Sylt fêstige. As foarbyld foar it stik wurdt fansels l'Avare (de Nepert) fan Molière neamd dat doe populêr wie, mar ek moat tocht wurde oan de ynfloed fan de mear sentimentele stikken fan Holberg dy't doe yn Kopenhagen spile waarden.

Neperts binne der yn soarten maten en hoe't se útbylde wurde is kultureel histoarysk bepaald, Sa hat Shakespeare mei syn Shylock yn De keapman fan Venetie it doe besteande stereotype byld fan de kristlike foaroardielen oer 'de rike joadske woekerer' skerp útbylde. Gelokkich hat J.P.Hansen dat foarbyld net neifolge, sizze wy no mei de kennis fan no.

<http://www.tagesspiegel.de/politik/70-jahre-warschauer-aufstand-westerland-und-ex-nazi-buergermeister-reinefarth-der-fuerchterliche-sylter/10282160.html>

Plautus' komeedzje Aulularia ('de nepert' of 'de pot mei goud') wurdt meast neamd as it foarbyld foar Molière syn Nepert en P.C.Hooft syn Warenar yn de 17<sup>e</sup> ieu. En sa kaam ik al sirkeljend lêzjend út by jo âld rector en dosint klassike talen oan it Murmellius Gymnasium yn Alkmaar, Jacob Hemelrijk, dy't yn 1966 de Nijhoff-priis krige foar syn oersettings fan Plautus' Komeedzjes. Ferline wike haw ik yn Tresoar besocht om myn anekdoatyske diggelssnoer fan oantinkens te ferifearjen. Ja, ik hie it ridlik goed ûnthâlden, en jûns kaam ik thús mei trije boeken fan Dr.J.Hemelrijk, yn twa dêr fan stiet jo namme! Ik wit noch hoe't jo my ris mei djip ûntsach oer him fertelden doe't wy it oer jo skoaltiid yn Alkmaar hiene. Nei de simmer fan '45 kaam er werom as rector, net ien hie dat mear ferwachte. Jim (top)dosint Gryks Kamerbeek 'de adjunct' hie him tidens de oarloch ferfongen. Mar hy wie er wer, sans rancune. Jo wiene earder as boeredochter út de polder fan de ULO ynstreamd op it Gymnasium en yntusken stie de Wieringermeer ûnder wetter. Dy knokkersroute herkende er en jo ynset koe er tige wurdearje. Mei de bêste sifers by de alpha's binne jo doe foar it eksamen slagge.

Ein 1940 wie rector Hemelrijk mei noch twa dosinten fan it Murmellius (Jules van Amerongen en Louis Kukelheim) ûntslein omdat se Joads wiene. Mar Hemelryk ferdomde it om in stjer te dragen. Mei help fan syn soan Jan yn A'dam krige er in nije identiteit en in ûnderdûkplak, earst thús yn Bergen, letter yn A'dam, dêrnei yn Putten. Dêr skreau er 'Mijn leven' oer syn jonge jierren yn in orthodox Joads fermidden yn Winterswijk (grif ha jo lezen hoe't er mei leafde skreau oer dy Fryske kollega/freon yn Winterswijk dy't him wat Fryske wurden learde: Bûter brea en griene tsiis, wa't dat net sizze kin...!).

Ein '44 is er dêr yn Putten ferret en bedarre fia Vught yn Sachsenhausen en Buchenwald. Oer dy sân moanne konsintraasjekamp hat er letter in yndringend boek skreaun: 'Er is een weg naar de vrijheid' (dat stie boppe de poarte fan kamp S.). Mar dat skreau er earst letter. Oer syn wurk as rector yn Alkmaar fan 1926-'53 hat er, sa't jo witte, ek in moai noflik boek skreaun: 'Uit de dagboeken van een rector' (2002). Wat jo net mear lêze kinnen ha is 'Fatsoenlijk Land, Porgel en Porulan in het verzet' fan Loes Gompes (2013) oer it yllegale wurk fan de beide (healjoadske) soannen Jan Hemelrijk en Bob van Amerongen (22 en 16 yn 1940), it is on line te lêzen:

<http://rozenbergquarterly.com/?s=fatsoenlijk+l>

Dat bringt my by twa saken yn de Fryske striid dy't jo tige oan it hert giene en dêr't wy jo yn kennen learden: de striid foar in Frysktalich wurdboek en de diskusje oer Fryske beweging en de oarloch. Ik sil koart krieme en wol der hjir ynhâldlik net op yngean. Want it giet my om wat oars: 'it glêzen plafond'. De striid om de fiertaal fan it wurdboek ha jo oant yn de Rie fan Steat ta fierd om iepenbier te krijen wa't dy anonime adviseurs fan Minister Deetman west hiene. Jo hiene der sa jo ideeën oer en yn it ramt fan 'e iepenbierens fan bestjoer woene jo dêr de bewizen fan boppe wetter krije. Jo juridysk gelyk ha jo dêr doe krigen, mar mooglik hiene der ek noch mûnlinge advizen west en jo mienden wol te witten hoe't dy hearen dat yn in stil oerlis regele hiene. By de ûndertekeners fan de útspraak by de Rie fan Steat foel ien namme my op: H.Drion. Want dat wie deselde Huib Drion der't jo Jelma Knol en my letter mei om de earen sloegen nei ús interview mei Prof. Lolle Nauta yn Grins. Fan him krigen wy alle lof: "ik ha noch net faek in ynterview hawn foar sa'n lyts lêzerspublyk. Ik ha ek noch suver nea in ynterview hawn mei ynterviewers, dy't har sa goed preparearre hiene as dat by jimme it gefal wie. Tige tank dêrfoar. Sa't jimme sjogge haw ik hast neat foroare."

Jo wiene der lykwols minder oer te sprekken benammen oer in pear fragen oan Nauta oer dy âlde net útiten diskusje oer EBF. Ut Nauta syn antwurden koe elk opmeitsje dat Nauta Fryslân al decennia lang net mear aktyf folge hie. Yn Fryx krigen wy fan jo daliks replyk mei u.o. in sitaat út de Huib Drion syn Cleveringa-lêzing yn 1967 út de essaybondel ‘Denken zonder diploma’. Foar Jelma wie dat betutteling en se naam ôfskied mei in lilik brief Der foelen hurde wurden, ek nei de twa oare redaksjeleden dy’t net mei opstapten. Dat ‘Tony’s kakatû’ haw doe ik mar as in earenamme opfette. De latte moast heger, seine jo, foar sa’n fûgel like my dat gjin grut probleem.

Huib Drion haw ik mei nocht lêzen, hy wie ien fan ús bêste essayisten. En wat minder bekend is: hy wie befreone mei de feministe Joke Smit en oaren fan MVM dy’t yn de 60-er jierren iveren foar lykwaardigens en lykberjochting fan manlju en froulju yn ‘e maatskippij. Har stribjen foarme de oanset ta de twadde feministyske weach yn de 70-er jierren. Tsjin dy eftergrun sjoch ik jo striid tsjin it fan hearen dominearre fermidden sawol yn de Fryske beweging as yn ‘e wittenskiplike wrâld. Vrij Nederland hat yn 1989 groepsportret makke fan 15 froulike Professoren oan de UvA. mei as thema ‘it glêzen plafond’ foar froulju yn ‘e wittenskip. Oan de UvA wurken doe 430 manlike tsjinoer 16 froulike heechleraren. Jo kamen der ek yn oan it wurd. Op de fraach of der in posityf oanstellingsbelied foar froulju komme moast wiene jo ien fan de fjouwer dy’t dêr in foarstanner fan wiene. Hooggeleerde vrouwen (VN 1989)

<http://www.vn.nl/extra/pdf/hooggeleerde vrouwen.pdf>



No't lyts wer yn 'e moade is (Mansholt hie it al sein) en dwergen harsels wer rêdde meie (Klijnsma, Salverda) moast ik tinke oan jo Kakatû. Ja, it binne taaie bisten, se kinne wol mear as 100 wurde, al binne se op Timor no hast útstoarn. Kocht op de pasar fan Kupang, as jierdeis-presintsje foar myn broer (myn kakak tua) in witte gielkúfkakatû, *cacatua sulphurea parvula*, in dwergje, mei de kleur fan kjersebloesem, sprekkend mei minskestim. En wy diene mei him wat wy dogge, geleard en wolsprekkend oan, in kouwe mei sterke traaljes, dêr sleaten wy him yn op. Heech fanút de kjersebeam fochten wy jonges in Phoney War mei ús freontsjes oer de dyk: Irian moat frij! Juliana moat wei! rôpen Onny en Impy fan de oare kant, (Juliana sa hiet harren mem). Wyls' marsjearden dêr soldaten, fjouwerris deis nei oefenfjild of tangsi: Kri-knan, kri-knan, kri-knan! rôp staccato de sersjan. En wy ek marsjearden om it hûs, mei stokken op it skouder: Kri-knan, kri-knan, kri-knan! myn broer, kop grutter blond, wie de sersjant. En middeis as it stil wie, yn 'e hitte fan 'e dei, hearden wy heech en skel: Kri-knan, kri-knan, kri-knan! It wie us kakatû, marsjearend op syn stokje. En as er 'Sadrach, njonja panggil!' rôp mei de skelle stim fan Paulien ús kokki dan kaam Sadrach, in skoaljunge fan Alor, oanrinnen om te sjen wa't him rôp.

'Ja, sa wurket de Tony's Kakatû-methoade: jo hearre wat en dat sizze jo nei, En as wy no in pear lessen flink oefenje op de útspraak fan it Bahasa, dan kinne jo mei trije

wike fleane en jo taspraak hâlde yn Jakarta foar de Friesche Vlag!’ sei ik tsjin de boargemaster efter syn grutte buro, in boade hie my oantsjinne.

De earste les by him thús frege er fuort oft hy dêr ek wat sizze soe oer de yndonesyske besetting fan East Timor. Dat soe ik net yn it iepenbier dwaan, sei ik, dan bringe jo har yn ferlegenheid, dan wurde se malû, ûnder fjouwer eagen is dat oars. Dat hie ik fan jo leard, Tony.

Dy trije lessen waarden twa, mar syn taspraak hat er hâlden, ynstudearre fan in bantsje yn it fleantúch, en hy krige applaus: “Haha, you like Mr.Multatuli, but how come you sound so Timorese? (nachts let apokryf opheind yn Badhotel Bruin dêr’t ik him letter tsjinkaam by in Slauerhoff-betinking).

‘Noch helte flugger as Frysk learen mei S.K. Feitsma’s Vlugge Fries\*, mar dat leit him oan de Fryske stavering!’, seine jo laitsjend doe’t ik it jo fertelde.

De Vlugge Fries, handleiding om in korten tijd zonder onderwijzer werkelijk Friesch te leren verstaan, spreken en schrijven (Kampen, 1902)

[http://images.tresoar.nl/wumkes/pdf/FeitsmaSK\\_DeVluggeFriesHandleiding.pdf](http://images.tresoar.nl/wumkes/pdf/FeitsmaSK_DeVluggeFriesHandleiding.pdf)

Dy Kakatû-methoade wie letter in fêst ferhaal yn myn lessen yn ús ynternasjonale skeakelklas hjir op Flylân, yn 5 jiergongen 50 jongeren fan 12-18 jier mei safolle ferskillende thústalen, allegear út oarlochsgebieten. Se krigen fan ús in digitaal adres, ien jonkje makke in trijetalige wurdlist, Farsi-Ned.-Ingelsk, in pear jier lyn stjoerde hy my in mailtje mei it berjocht dat er ôfstudearre wie oan in Technyske Universiteit. Myn tolvetalige spykbriefke haw ik bewarre.

	Ned.	Farsi	Kurd.	Arm.	Bosn.	Turks	Arab.	Russ.	Engl.	Frysk	Deutsch	Grieks
1	een	yek	yek	mék	jedan	bir	wahé	adin	one	ien	ein	syna
2	twee	do	dû	jirkus	dva	itaji	neen	dwa	two	twa	zwei	thio
3	drie	se	se	jerek	tri	uc	shelassa	tri	three	trije	drei	tria
4	vier	cor	cor	cors	otir	dört	arbak	zitiri	four	fjouwer	vier	tessara
5	vijf	paintaj	péntaj	hinG	pet	bes	chamse	piadzj	five	fif	fünf	penda
6	zes	sjaah	sjaah	vets	ses	alte	natsa\oette	sest	six	seis	sechs	ski
7	zeven	haft	haft	jot	sedan	yedi	sabba	sem	seven	sân	sieben	afta
8	acht	haajt	haajt	git	osam	sekiz	samania	wosim	sight	acht	acht	otto
9	negen	noh	noh	ivne	davet	dokuz	dessaá	dewet	nine	njoggen	neun	ennia
10	tien	dah	dah	tas	deset	on	nshra	seit	ten	tsien	zehn	decca